

D / N G
T / / D

Orgaan foar de Fryske taal

**Advys Bestjoersôfspraak
Fryske Taal en Kultuer (BFTK)
2024-2028**

D / N G
T / / D

Orgaan foar de Fryske taal

**Advys Bestjoersôfspraak
Fryske Taal en Kultuer (BFTK)
2024-2028**

25 maart 2024

Gearfetting

Neffens de Wet gebrûk Fryske taal (2014) hat DINGtiid de taak om te advisearjen oer de Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer (BFTK). Oer de hiele breedte beskôge is DINGtiid tige wiis mei de tanommen ambysjes dy't de nije BFTK (2024-2028) op sa goed as alle beliedsmêden befettet. Boppedat is by de Ryksoerheid, mar ek yn de Twadde Keamer, sûnt 2022 yn tanimmende mjitte in gefoel fan ferantwurdlikheid en soarchplicht te fernimmen, wat foar de fitaliteit fan it Frysk in krúsjale ûntjouwing blike kin te wêzen. DINGtiid is dêr tige oer te sprekken en tidiget derop dat it Ryk dat positive en ambisjeuze gefoel fierder útbout binne de departeminten, en dat de Twadde Keamer dêr ek syn wichtige rol yn spyljen bliuwt.

De oanbefellings yn dit advysrapport binne der yn grutte mjitte op rjochte om dat tanimmende gefoel fan ambysje op de ûnderskate beliedsmêden om te setten en te boargjen yn gearhingjend, domeinoerstiigjend, langetermynbelied foar it Frysk. Dêrta is it wichtich dat der fokus komt; it stellen fan in heldere langetermynambysje, it setten fan konkrete doelen dy't dy ambysje stypje en it boargjen fan de struktueren en ynset dy't dêrfoar nedich binne – amtlik likegoed as bestjoerlik, provinsjaal likegoed as nasjonaal.

Ek al hat DINGtiid allinne teksten beoardielje kind dy't op plakken noch foarriedich wienen, dochs kinne we op basis fan de konsepten al in grut tal observaasjes en oanrikkemandaasjes dwaan. Guon fan de wichtichste oanbefellings op haadlinen (foar advizen op bepalingsnivo: sjoch fierderop yn it rapport) binne de folgjende:

- It notiidske BFTK-proses liedt ta (te) hege wurkdruk yn, benammen, de lêste oardel jier fan de beliedsperioade; dat hat net-winsklike gefolgen op it mêd fan gearwurking en konsultaasje. Foar mear stabiliteit en in bettere dialoach is in werstrukturearring fan it BFTK-proses nedich.
- Yn it BFTK-proses moat de posysje en rol fan DINGtiid better belein en boarge wurde.
- Der is by beide oerheden noch te min kontinuïteit yn en strukturele romte foar it amtlike hantwurk dat it Fryske taaldossier meibringt; yn in werstrukturearring fan it BFTK-proses moatte beide aspekten har gerak krije.

- Konkretisearring fan de ôfspraken is winsklik. BFTK-ôfspraken soenen sa helder en mjitber mooglik formulearre wurde moatte; dat makket ek de monitoring makliker.
- De monitoring soe better fêstlein wurde moatte yn de BFTK; no wurdt dy net apart behannele.
- Om goed op taalbelied stjoere te kinnen, moatte de effekten dúdliker wêze. Dêrfoar is in sterke taalmjitynfrastruktuer nedich, dy't no noch ûntbrekt. Jou de akademyske frisistyk opdracht om sa'n taalmjitynfrastruktuer te ûntwerpen.
- Om gearhing yn it taalbelied oan te bringen – sawol by de oerheden as yn it fjild – moat de kommende jierren ynset wurde op it ûntwikkeljen fan in maatskiplik breeddroegen takomstfyzje op it Frysk, dêr't heldere langetermyndoelen út fuortkomme.
- Taalbelied tsjinnet úteinlik it belang fan de boarger, mar de maatskiplike belutsenheid by taalbelied is noch te lyts en te fragmintearre. Set swier yn op de marketing fan taalbelied om de belutsenheid by de boarger te fergrutsjen; dat sil ek helpe om draachflak foar de niisneamde takomstfyzje te krijen.
- Draach as oerheden sterker tegearre it (ynter)nasjonale histoarysk-geografyske ferhaal fan it Frysk út, om't bekendheid mei dat ferhaal selsbewustwêzen, ynsjoch en taalgrutskens befoarderet, wat ek de belutsenens by taalbelied fergruttet – sawol by boargers as by organisaasjes en oerheden.
- De BFTK befettet ôfspraken dêr't Ryk en Provinsje it oer iens wurde binne om it Frysk te befoarderjen, al ha beide oerheden dêr har eigen ferantwurdlikheden yn. Dochs: sprek as BFTK-partners mei ien mûle, suggerearje nearne dat ien oerheid in beskate passazje of ôfspraak wichtiger fynt as de oare oerheid.
- It Fryske taalfjild is kompleks en fragmintearre. Bring it 'Hûs fan it Frysk' yn byld: hokker organisaasjes binne der en watfoar taken en ferantwurdlikheden ha dy? En hoe soe dat Hûs derút sjen moatte om de takomstfyzje foar it Frysk te stypjen?
- It ûnderwiisfjild is essinsjeel yn elts senario foar de fitaliteit fan it Frysk, mar dochs kin de gearhing yn it ûnderwiisbelied oer de hiele line – 'fan pjut oant promovendus' – noch better. Wurfje de ûnderwiisambysjes foar de lange termyn út yn in aparte Underwiisnotysje Frysk en meitsje dêryn de boarging fan de trochgeande learline ta it liedende beliedsprinsipe.

- Soargje dat yn de kommende beliedsperioade it mbû-praktoraat, de minor Frysk foar sjoernalisten en de universitêre bachelor Frysk duorsum ynrjochte wurde.
- Jou as BFTK-oerheden it goede foarbyld dêr't dat kin, sawol yntern (bgl. by Rykstsjusten, by klachteprosedueres, by beneamingsbelied) as ekstern (bgl. as rjochtspartij yn de rjochtseal of by kontakten/trajekten mei maatskiplike of ekonomyske partners).
- De BFTK soe ûnder 3.1 in bepaling befetsje moatte dy't tsjinnet om saaklike skelen tusken Ryk/OM en it Fryske tolkegilde sa gau mooglik op te lossen.
- Striel ambysje út en bied help oan op beliedsmêden dêr't Ryk noch Provinsje foech hat (bgl. gemeenten), mar bliuw dêrby wol rolfêst.

Ynhâldsopjefte

Ynliding	6
Oanrikkemandaasjes I: Proses	9
BFTK-proses: in eksponinsjele kurve	9
Posysje en rol DINGtiid	12
Oanrikkemandaasjes II: Haadlinen	13
Ambysje en fyzje	13
Langetermyndoelen	15
Konkretisearring en monitoring	16
Mjitte is witte	17
Foarm en publisiteit	18
Oanrikkemandaasjes III: Per haadstik	20
1. Algemien	20
2. Underwiis	20
3. Bestjoerlike autoriteiten en rjocht	25
4. Media	27
5. Kultuer	28
6. Ekonomysk en sosjaal libben	30
7. Grinskrusende útwikseling	31
8. Slotbepalings	33
Taheakke	34

Ynlieding

It advysorgaan foar it Frysk, DINGtiid, hat neffens artikel 19 fan de Wet gebrûk Fryske taal (2014) de taak om te advisearjen oer it ta stân kommen en útfieren fan de Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer (hjrnei: BFTK) en de útfieringskonvenanten. Dat beskôget DINGtiid as in tige wichtige advystaak: mei de BFTK wurdt ommers alle fiif jierren wer bepaald hoe heech oft de ambysje mei it Frysk rikke sil en hoe't Ryk en Provinsje mei-inoar en mei de partners yn it fjild dy ambysje ferwêzentlikje sille. Dêrmei is de BFTK te beskôgjen as it wichtichste beliedsynstrumint foar de Fryske taal.

Fjouwer opmerkings dogge we foarôf:

Yn it foarste plak: de groeiende ambysje mei it Frysk is op alle siden fan de BFTK te fernimmen, en dêr binne wy tige wiis mei. We ha ek bot wurdearring foar de tanimmende belutsenens by it Frysk dy't yn de ôfrûne beliedsperioade te fernimmen wie, op bestjoerlik en polityk nivo. By de Provinsje is dy belutsenens al suver fanselssprekkend wurden – eat dêr't we optein oer wêze meie – mar by de Ryksoerheid is it oanwinnend omtinken foar it Frysk dochs in opfallende, tige positive ûntjouwing. De oertsjûging dat it Frysk as Rykstaal soarch en oandacht fan it nasjonaal regear nedich hat, is dúdlikernôch fierder trochkrongen yn sawol de departeminten as it nasjonaal parlemint. Wy tidigje derop dat it Ryk dat oanwinnende gefoel fan soarchplicht foar it Frysk fêsthâldt, útbout en yn it iepenbier útdraacht. Sa krijt de Ryksferantwurdlikheid foar it Frysk hieltiten mear stal. Dy belutsenens wurdt yn de Fryske mienskip sjoen en wurdearre.

In twadde opmerking: elk fan de ûndersteande advizen dogge wy oan Ryk en Provinsje tagelyk, om't jo as lykwaardige BFTK-partners operearje en beide deselde ferantwurdlikheid drage foar de fuortgong fan it BFTK-proses.

As tredde: we hechtsje deroan om útdrukking te jaan oan ús wurdearring foar de ynset, belutsenens en saakkundigens fan de amtners, yn De Haach likegoed as yn Ljouwert. Sawol by de Provinsje as it Ryk ha de amtners ûnbidige hurd foar dizze BFTK wurke, ûnder politike, maatskiplike en organisatoaryske omstannichheden dy't net altiten maklik west ha kinne. Guon fan de advizen dy't we hjirûnder dogge, binne der mei op rjochte om har te stypjen by harren wurk oan it Fryske dossier.

En as lêste: wy binne der wiis mei dat we ús advys ferrykje koenen mei de miening fan it jongereinpanel fan DINGtiid, dat yn 2023 yn rjochte is:

de [‘Asega’s’](#). Wy ha har befrege oer hoe’t de Fryske jongerein mear by it taalbelied belutsen wurde kinne soe; harren betinken is gearfette yn de taheakke by dit advys.

DINGtiid hat yn juny 2023 de gelegenheid krigen om in earste konsepttekst yn te sjen, en nochris yn septimber 2023; we ha doe foarriedige yndrukken mei de amtners útwikselje kind. In tredde konsepttekst is ús op 6 febrewaris 2024 foarlein, yn de wiken dêrnei folge troch bywurke ferzjes – it ûnderhandelingsproses tusken Ryk en Provinsje is op guon dossiers noch yn folle gong. In folsleine tekst dêr’t gjin yngeande feroarings mear op te ferwachtsjen wienen, hat DINGtiid op it stuit fan skriuwen noch net krigen. Fan gefolgen wie yn it BFTK-proses te min romte foar in yngreven advisearring, útfierd op in wize dy’t DINGtiid beskôget as passend by de wichtigens fan it dossier en de wetlike taak dy’t it orgaan op dit mêd hat. De ûndersteande advizen binne dêrom op haadlinen, foarriedich en net folslein; op bepalingsnivo ha we spitigernôch op dit stuit net mear as ynsidinteel reagearje kind. DINGtiid hâldt himsels dan ek it rjocht foar om fan oanrikkemandaasjes ôf te wiken of derop oan te foljen as nije ûntjouwings dêrta oanlieding jouwe. Om’t we by de advisearring op de foarrige BFTK, yn 2018, yn in fergelykbere posysje telâne kamen, binne guon fan de ûndersteande oanrikkemandaasjes – benammen yn skift I ‘Proses’ – derop rjochte om foar te kommen dat sa’n situaasje yn de takomst wer ûntstean kin.

By de [Tuskenrapportaazje](#) yn 2021 fan de foarrige BFTK (2019-2023) hat DINGtiid fia wiidweidige fjildkonsultaasje ynventarisearje wolle hokker lakunes oft dy BFTK hie en hokker ambysjes oft de kommende BFTK neistribje kinne soe. Op basis dêrfan binne doe al in soad advizen oan Ryk en Provinsje oanbean om de nije BFTK mei ferrykje te kinnen. Us Tuskenrapportaazje wurdt neamd by de stikken dy’t yn de tarieding fan dizze BFTK rieplachte binne, dat we betrouwe derop dat dy advizen meinaam binne, al ha we dat om ‘e tiid net neier hifke. Op de advizen op haadlinen dy’t we doe dien ha (Diel I: Generale advizen), komme we letter noch werom.

Hjirúnder folgje dan ús oanbefellings oangeande de nije BFTK. We diele se op yn trije skiften: earst oanbefellings oangeande it proses (I). Dêrnei folgje de ynhâldlike oanrikkemandaasjes, op haadlinen (II) en foar elts haadstik (III); yn dy lêste wurdt ynsidinteele op bepalingsnivo skôge – dêr mei dus perfoarst gjin folsleinens ferwachte wurde. Lykas sein befettet de taheakke noch in nuttige advysline fan ús Asega's dy't we graach ûnder jo oandacht bringe.

Oanrikkemandaasjes I: Proses

BFTK-proses: in eksponinsjele kurve

Yn it hjoeddeistige Fryske taaldossier is it oangean fan in nije BFTK in wichtich momint, om net te sizzen: it hichtepunt fan it Fryske taalbelied, dêr't ienris yn de fiif jier mei man en macht op ta wurke wurdt. Dat tawurkjen bart op in soad plakken: by de Provinsje, by BZK, by de oare Ryksdeparteminten, by Fryske ynstellings, en ek by DINGtiid. De ûndertekening fan in nije BFTK is in oerstapmomint tusken twa beliedsperiodaden, in markearring fan in nije faze foar it Fryske taalbelied. It notiidske BFTK-proses hat, wat wurkdruk oangiet, it karakter fan in eksponinsjeel groeiende kurve, dy't (letterlik) it hichtepunt fynt yn de ûndertekening en dan, logyskerwiis, earst wer in skoftlang ynsakket. Pas nei de tuskentiidske rapportaazje, sa healweis de BFTK-perioade, wurdt it ûnderhandelingsproses fannijs opstart, wint de druk almar mear oan, en giet de kurve wer omheech, mei itselde eksponinsjele karakter. Yn sa'n proses fielt de oergong nei in nije BFTK suver mear as in sesuer tusken twa beliedsperiodaden as as in kontinuearring en fersterking fan in stabyl langetermynproses. It is dúdlik dat it ûntbrekken fan in heldere en breeddroegen langetermynambysje it proses minder stabyl makket; dêr komme we letter yn dit advys noch op werom.

De notiidske opset is neffens DINGtiid net mear optimaal. En mei wissens is yn de hjoeddeistige wurkwize de druk op de belutsen amtners yn de lêste faze te grut, wat ta spanningen en ûnsoarchfâldigens liede kin, ynhâldlik of prosesmjittich. Dat falt de amtners fansels op gjin inkelde wize oan te rekkenjen; it is in gefolch fan it proses sa't dat yn de rin fan de jierren ûntstien is. Om de druk op de amtners te ferlichten en har te skewielen om harren wurk goed en nei it sin te dwaan, is it nedich dat, sawol by Ryk as Provinsje, mear strukturele romte (yn fte's) en mear kontinuïteit komt yn it wurk oan it Fryske dossier yn it generaal, en oan de BFTK yn it spesifyk. Dat betsjut: mear minsken en mear middels frij meitsje foar dit beliedswurk.

Wy advisearje dêrom dat jo it BFTK-proses fannijs strukturearje fanút it perspektyf dat de soarchplicht foar it Frysk in trochgeande, mienskiplike opdracht is. Soargje der dêrby foar dat de druk folle minder op it lêste jier fan de BFTK-perioade komt te lizzen. Boargje boppedat by beide oerheden genôch strukturele personele ynset en kontinuïteit fan kennis.

We dogge ek in suggestje foar hoe't it proses mooglik oars foarmjûn wurde kinne soe. De situaasje soe neffens ús al ferbetterje as Ryk en Provinsje it meitsjen fan in BFTK sterker as in trochrinnende opdracht opfetsje en ynrjochtsje. Fansels moatte periodyk de ôfspraken wer befêstige en oanskerpe wurde, mar as it amtlik foarwurk minder nei sa'n pykmomint ta wurket en mear in trochrinnend karakter hat, is de top fan de wurkdruk minder heech. De kurve wurdt wat 'platslein'. De oandacht sakket minder fier fuort, wurdt minder ferlein nei oare beliedsmêden, mar hoecht sa ek minder wer opnij opboud te wurden. De wurkdruk wurdt better ferdield, it ynformaasjenivo en de belutsenens bliuwe op peil. Net allinne is der sa mear trochrinnende dialooch tusken de BFTK-partners, mar ek mei it fjild.





Fig. 1ab: Fan in eksponinsjele kurve...



... nei lykmjittiger ferdielde wurkdruk.

In twadde opsje – dy't ek kombinearre wurde kin mei de earste – kin wêze om it proses ynhâldlik oars yn te stekken. Op dit stuit is it proses sa, dat alle BFTK-dossiers op ien en itselde stuit útiten wêze

moatte. Alle domeinen wurde tagelyk aktivearre yn it foartrajekt en de ynformaasjesessy's per domein lizze dan hiel ticht opinoar. Dat soarget foar hektyk en grutte wurkdruk, ek yn it fjild – in soad partijen yn it fjild binne ommers op mear as ien domein aktyf. En dat resultaatret deryn dat de ôfspraken foar alle domeinen op itselde stuit makke wurde; it proses ballet gear. Men soe lykwols ek mear lineêr wurkje kinne: smar ynformaasjesessy's mear út oer de BFTK-perioade, prioritearre dêrby op basis fan urginsje of kompleksiteit; meitsje op ferskillende mominten domeinôfspraken en hâld dêrby rekken mei it feit dat guon domeinen faker sokke ôfspraken nedich ha kinne. Sa kinne je de fokus effisjinter meitsje, wat rêst en oandacht meibringt foar it hiele fjild. En sa kin de periodike BFTK-ûndertekening ek mear it karakter krije fan in befêstiging fan de yntinsjes en ambysjes, mei op de domeinen oanpassings fan dy yntinsjes en ambysjes, dy't ynjûn binne troch tanimmende kennis of nije ûntjouwings.





Fig. 2ab: Fan in konvergearjende wurkwise...



...nei in mear lineêr BFTK-proses.

Posysje en rol DINGtiid

Sa't we yn de ynliding al sein ha, moatte we spitigernôch fêststelle dat DINGtiid syn advyswurk yn dit BFTK-proses net optimaal útfiere kind hat. De BFTK-partijen soenen de posysje en rol fan DINGtiid yn it proses boargje moatte op in wize dy't it orgaan yn steat stelt om soarchfâldich syn wetlike advystaak oangeande de BFTK útfiere te kinnen.

Boppedat is nei ús betinken de rol fan DINGtiid yn it ôfslutende haadstik 8 net belein op in wize dy't strykt mei it belang dat de Wet gebrûk Fryske taal oan dy rol hechtet. Us foarstellen om haadstik 8 oan te passen, binne:

- yn artikel 1 soe fêstlein wurde moatte dat de oanrikkemandaasjes fan DINGtiid, neist dy fan de KomEks fan de Ried fan Europa, ynput foar it periodyk bestjoerlik oerlis foarmje;
- yn artikel 3, oangeande ynformaasjeferstrekking oan de Twadde Keamer en Provinsjale Steaten, soe de BFTK-Tuskenrapportazje fan DINGtiid neamd wurde moatte;
- yn artikel 5 en 6, oer it tuskentoch wizigjen resp. beëinigen fan de ôfspraken, soe fêstlein wurde moatte dat DINGtiid yn foarkommende gefallen earst frege wurdt om te advisearjen wat soks foar it Frysk betsjut.
- Sokke oanpassings komme fuort út artikel 4 fan de Taalwet, dat de rol en posysje fan DINGtiid as orgaan foar it Frysk behannelet.

Wy advisearje koartsein om, yn gearspraak mei DINGtiid, de soarchfâldige útfiering fan de wetlike rol fan it advysorgaan yn it BFTK-proses, te boargjen. Bring dêrby de rol en it plak fan DINGtiid yn oerienstimming mei artikel 4 fan de Wet gebrûk Fryske taal.

Oanrikkemandaasjes II: Haadlinen

Nei dy mear prosesmjittige oanrikkemandaasjes, folgje no de oanbefellings dy't betrekking ha op de ynhâld fan de BFTK. Lykas sein binne dy op haadlinen en dus fierhinne fan in algemien karakter. Om't de generale advizen fan ús Tuskenrapportaaazje oer de BFTK 2019-2023 hjiroan reitsje, werhelje we dy, sa't se oan de ein fan diel I fan dy Tuskenrapportaaazje gearfette waarden:

“Gearfetsjend advisearret DINGtiid de BFTK-partners om de BFTK noch mear te sjen as in potinsjele motor om nije ambysjes mei it Frysk oan te fiterjen by organisaasjes en by boargers en harren te ynspirearjen. Dat kin troch, oan de iene kant, yn de BFTK mear romte te skeppen om yndividuele organisaasjes sels fanút ambysje, kreativiteit en eigen saakkundigens it Frysk befoarderje te litten. Oan de oare kant kin de Fryske mienskip faaks noch better by it taalbelied belutsen wurde troch in tûke marketingoanpak. Sawol yn sa'n marketingoanpak as by it oanfiterjen fan de ambysjes by organisaasjes en Fryske boargers tinkt DINGtiid dat de konsepten ‘Sichtber, iepen & eigen’ ynspirearjend wurkje kinne soenen.”

De ûndersteande advizen reitsje gauris, mar net útslutend, oan de prioriteiten, ambysjes en útgongspunten sa't dy ek yn Haadstik 1 fan de BFTK formulearre stean.

Ambysje en fyzje

Yn de oerwagings fan de BFTK giet it oer it wetlik ramt en de bykommen-de ferantwurdlikheden en ferplichtings, en dêr kin it ek net sûnder. Mar tagelyk mei dy oerwagings kinne ek oertsjûgings oangeande de wearde fan it Frysk meijûn wurde. Wy misse dat noch, ek al sjogge we dat artikel 7 wat dat oangiet perfoarst relevânsje hat. It soe lykwols goed wêze om fan miet ôf oan – en dus yn de oerwagings op de earste side – dúdlik te wêzen oer de dielde oertsjûging fan Ryk en Provinsje oangeande it Frysk, en wat dy oertsjûging op grutte linen betsjut foar de ambysje, ynset en rolferdieling yn de kommende beliedsperiode.

Yn de oerwagings soe útienset wurde kinne wêrom't it boargjen fan it Frysk fan belang is. En dan net (allinne) wat de nasjonale of Europeeske ferplichtings binne, mar ek: wat is de yntrinsike wearde fan it Frysk foar de Friezen, foar Fryslân en foar Nederlân? Wêrom moatte we it Frysk behâlde en befoarderje? Wat binne foardielen fan it Frysk, yndividueel

en foar de maatskippij as gehiel? Men kin tinke oan it beneamen fan de kognitive foardielen, kultureel ferskaat, ynklusiviteit, sosjale kohesje, taalkundich erfoerd, histoarysk bewustwêzen, ekonomyske foardielen of psychologysk wolwêzen. Algemiener steld: it stimulearjen fan minderheidstalen fanút ynternasjonaal erkende útgongspunten draacht by oan in ynklusivere mienskip dy't mear ferskaat kent en fan gefolgen mear fearkrêft hat, en dêr't de rjochten en it ferlet fan alle boargers yn erkend en respektarre wurde.

Dêrby falt in soad op syn plak as noch sterker dúdlik makke wurdt wêrom't it Frysk in nasjonale saak is. Troch de 'Werdegang' te sketsen fan de Friezen en harren taal troch de iuwen hinne yn it histoaryske Fryske kultuergebiet, dat oer provinsje- en lânsgrinzen hinne rint, kin noch sterker de ferbining lein wurde mei wat de takomstambysjes foar it Frysk op de langere termyn binne, en komt der mear fokus. Dan wurdt folle dúdliker dat in BFTK-perioade in momintopname is yn in iuwenlange – sawol foarút as efterút yn de tiid – en ynterregionale ûntjouwing, yn stee fan in doel op himsels.

Hjirmei hinget de krúsjale rol en posysje fan it Ryk gear. It Ryk is de koördinearjende oerheid by de ymplementaasje fan de ôfspraken dy't Nederlân Europeesk makke hat foar it Frysk, en ek de oerheid dy't dêroer rapportearret. Dêrmei is de Ryksoerheid it knierpunt tusken Europa en Fryslân. Boppedat hat op in hiel soad dossiers it Ryk de kaai yn hannen, om't it foech of de ynfloed dêr leit. Wy wize hjir ek op it feit dat de provinsjale oerheid neat dwaan kin foar de tsientûzenen Frysktaligen bûten Fryslân; sokken binne ek ôfhinklik fan it ferantwurdlikheidsgefoel fan it Ryk (sjoch ek hjirûnder Haadstik 7). It makket it oankundige ûndersyk nei de winsklikheid fan in 'Lanlike Kommisje Frysk' (sjoch ek hjirûnder) o sa relevant.

Yn oanfolling hjirop is it wichtich – en dat jildt foar de hiele BFTK – dat nearne suggerearre wurdt dat Ryk en Provinsje in oar gefoel fan prioriteit ha. It giet by de BFTK om in bestjoersôfspraak tusken lykweardige partners, dy't mei-inoar ôfsprekke wat belangryk en winsklik is foar de Rykstaal Frysk. By soks heart gjin foarbehâld fan ien fan de partijen fernimber te wêzen. De BFTK-partners moatte mei ien mûle sprekke en dielde ferantwurdlikheid oer alle ôfspraken nimme.

Gearfetsjend, oangeande ambysje en fyzje: Meitsje al yn de oerwagings fan de BFTK romte foar in dúdlike, dielde oertsjûging oangeande de wearde fan it Frysk foar de Friezen en foar Nederlân, as ideëel fûnemint ûnder de winsk en plicht om beliedsôfspraken foar it Frysk te meitsjen. Brûk dy oertsjûging ek om rjochting en djippte te jaan oan it ambysjenivo.

Striel boppedat nearne yn de BFTK út dat ien fan beide BFTK-partners in oar gefoel fan prioriteit hat: sprek mei ien mûle en nim dielde en lykweardige ferantwurdlikheid.

Langetermyndoelen

Mei de ambysje en fyzje hinget it ferlet fan heldere en breeddroegen langetermyndoelen gear: salang't net dúdlik is wat we op de langere termyn wolle mei it Frysk, ûntbrekt fokus yn it taalbelied en is it lestich om de ferantwurdlikheden foar doelen te belizzen dêr't se hearre. En sa bliuwt ek de rolferdieling tusken Ryk en Provinsje yn de BFTK gauris dizich. Ryk en Provinsje meitsje oars dat ferlet sels al dúdlik, yn 1.3; se jouwe oan dat se it advysorgaan in rol tatocht ha op dat mêd, dy't DINGtiid ek graach ferfollet en dêrom al yn syn Wurkprogramma 2024/2025 opnaam hat. Dêrby sille net allinne de oerheden, mar benammen ek de Friezen sels meinaam wurde: wat wolle sy sels mei har taal op de langere termyn? De BFTK neamt ditoangeande it jiertal 2051: sekuer hûndert jier nei Kneppefreed. Dat liket ús in tige gaadlike beliedshorizon.

Ek is op dit flak gearhing mei in oar advysdossier dat de minister op oanstean fan de Twadde Keamer by DINGtiid belein hat (sjoch ek 1.2): de winsklikheid fan in Lanlike Kommisje Frysk. Sa'n kommisje op nasjonaal nivo moat it plak wurde dêr't de Ryksferantwurdlikheid foar it Frysk sintraal stiet, en de eigen rol dêryn ynfolle wurdt. Ek dat wurk moat barre op basis fan dielde langetermyndoelen, en dus gean dy beide dossiers eins hân yn hân.

DINGtiid is fan betinken dat it ferlet fan langetermyndoelen sá kardinaal is foar it tinken oer it Frysk, oer ferantwurdlikheid fan oerheden dêryn en oer it gefoel fan belutsenens en urginsje oangeande it Frysk by de boargers, dat de BFTK-partners dat ferlet in plak jaan moatte soenen yn de oerheidskommunikaasje oer de oankommende BFTK. Dat sil helpe om de partij dy't fierwei it wichtichst is yn it tinken oer de takomst fan it Frysk – de Frysktaligen sels – no al te aktivearjen om dêr sels ek oer te kedizen. Der is ek gearhing mei ús folgjende paragraaf, dy't yngiet op konkretisearring en monitoring: heldere langetermyndoelen meitsje dat konkretisearring fan rinnend belied makliker wurdt en dat monitoring in oare, djippere lading krijt.

Om koart te kriemen: Meitsje as BFTK-partners it ferlet fan langetermyndoelen foar it Frysk breed kenber, ek om de Fryske mienskip te aktivearjen om dêroer nei te tinken en sadwaande maatskiplik draachflak en in gefoel fan urginsje op dat mêd te bewurkmasterjen.




Fig 3: Idealiter wurkje opienfolgjende BFTK's op basis fan in helder en breeddroegen langetermyn doel.

Konkretisearring en monitoring

DINGtiid hat begryp foar it feit dat it bytiden lestich is om yn de ûnderhannelings tusken Ryk en Provinsje oer it Frysk te kommen ta tige konkrete ôfspraken; somtiden is in ôfspraak allinne akseptabel foar beide partijen as der in beskate romte yn de formulearring bliuwt. Wurden as 'stribjen', 'mooglikheid', 'ferkenne', 'ûndersykje', of kombinaasjes dêrfan lykje dan oantreklik. Mar se skeppe in romte dy't net altiten winsklik is. Sokke formulearrings soargje dat it doel dat yn in bepaling neamd is, dizich wurdt of dat de ambysje derút siperet. Eat 'ferkenne' is gau dien, earne nei 'stribje' ek. We kinne dan al gau 'it finkje sette', mar dêr sjit it Frysk úteinlik it measte net mei op. Mij sokke al te hoedene formulearrings wêr't dat kin, en foarkom sa 'ûnderambysje'. Soargje dat elke bepaling in konkreet, helber en mjitber doel hat, of in ôfspraak dêr't gjin romte yn sit. Der is wat dat oangiet ek gearhing mei de foarrige paragraaf, oer langetermyn doelen: konkretisearring fan rinnend belied wurdt makliker en de rollen en ferantwurdlikheden dêrby wurde helderder as dúdlik is wat it dielde doel op de langere termyn is.

De konkretens en mjitberens fan helbere doelen bringt ús boppedat by in oar punt, dat DINGtiid ek net foar it earst nei foarren bringt: konkretens en mjitberens soargje derfoar dat monitoring ienfâldiger wurdt. Troch mjitberens sterker yn te bringen, is op it tuskentiidske mjitmomint flugger dúdlik wat de status is, en wat der noch barre moat. Wie de stelde ambysje realistysk, te heech of te leech? Dat kin ek in oanpassing yn de oanpak meibringe. Dúdlike en transparante monitoringsôfspraken binne dan ek tige wichtich foar suksesfol taalbelied; sokke ôfspraken soenen dan ek in plak ha moatte yn de tekst fan de BFTK (bygelyks yn Haadstik 8, bepaling 2).

DINGtiid is oars fan betinken dat it wichtich is om de monitoring fan de BFTK ekstern te belizzen. Troch dat út te besteegjen, ferminderet de wurkdruk en wurde transparânsje en objektiviteit befoardere. Ut soarte heart evaluaasje by it monitoringsproses. (Yn de folgjende paragraaf gean we yn op de kwestje fan it taalmjitten, dy't tige wichtich is foar in goede monitoring). Fierder is it oan te rieden om troch de hiele BFTK-perioade hinne periodyk 'domeingearkomsten' te belizzen om mei-inoar oer de fuortgong en ûntjouwings binnen in beskaat BFTK-domein te praten. Sa kin antisipearre wurde op maatskiplike winsken en beliedsûntjouwings en foarkaam wurde dat oan de ein fan it BFTK-proses ûnferwachte saken opdûke. It seit himsels dat it ek foar sokke domeinôfspraken helpt as de langetermyndoelen helder binne.

We fetsje gear: Soargje dat elke bepaling in konkreet, mjitber en helber doel hat, of in dúdlike ôfspraak; mij dizigens yn de formulearring. Nim it monitoringsproses op yn de BFTK (bgl. Haadstik 8), en belis de monitoring ekstern. Organisearje periodike 'domeingearkomsten', om de fuortgong en ûntjouwings binnen in BFTK-domein te bepraten.

Mjitte is witte

Oan de iene kant is der de monitoring fan it BFTK-proses, mar oan de oare kant is der ek de monitoring fan de bredere effekten fan taalbelied. Wat is de 'steat fan it Frysk'? Hoe ûntjout him it gebrûk fan it Frysk, de taalhâlding en de taalfeardigens? Fansels binne der de periodike taalmjittings fan de Provinsje (Taalatlas), de minder frekwinte mar yngeandere taalûndersiken fan de Fryske Academy, de ynsidintele taalûndersiken by, benammen, yndividuele gemeenten, en soms ek noch taalmjittings fanút oare akademyske sintra yn Nederlân.

Sokke ûndersiken binne o sa wichtich om de effekten fan taalbelied te mjitten en eventueel by te stellen. Mar der sit gjin sterke line yn it taalmjitten: de fraachstellings en methodologyen binne tige ferskillend, der sit gjin brede programmatyske oanpak yn en de útkomsten wurde net breed genôch dield en besprutsen. Om dit 'taalmjittlânskip' te ferbetterjen, hat DINGtiid op fersyk fan BZK, yn oparbeidzjen mei de Afûk, begjin 2020 in DINGpetear belein mei wittenskiplike saakkundigen en belutsen amtners. In dielde oertsjûging fan de oanwêzigen wie dat it foar it Frysk fan grut belang is dat der mear ienheid en koördinaasje komt yn de mjittings, sadat it makliker wurdt om gebrûk te meitsjen fan besteande ynfrastuktuer en om tagong ta de kennis te krijen. Troch koroana koe der doe spitiger-nôch amper follow-up komme op dat DINGpetear, mar de nije BFTK jout de kâns om dêr no dochs in slach yn te meitsjen.

Der is ferlet – om net te sizzen: needsaak – fan in programmatyske oanpak fan it mjitten fan taal yn Fryslân en fan in goed útwurke, breed tapasber ynstrumentarium. Oars sein: der moat in stabile mjitynfrastruktuer komme, dy't op in sûne metodologyske basis ferlet en oanbod byinoar bringe kin. De akademyske frisistyk is de sektor dy't yn dat ferlet foarsjen moatte soe. Foar it proses fan it stellen, de monitoring en it realisearjen fan langetermyndoelen foar it Frysk is sa'n stabile mjitynfrastruktuer eins in *conditio sine qua non*: hoe sil men langetermynbelied bystjoere as de effekten net goed yn kaart brocht wurde kinne?

DINGtiid riedt dêrom oan dat de BFTK it ferlet beneamt fan in stabile mjitynfrastruktuer dy't (ek) de effektiviteit fan taalbelied bleatleit, en in opdracht oan de akademyske frisistyk befettet om dy oan te lizzen.

Foarm en publisiteit

We gripe hjir earst werom op ús advys yn it ramt fan de Tuskenrapportaažje BFTK 2019-2023, dat we yn 2021 útbrocht ha. Dêryn hat DINGtiid oanrikkemandearre om foar de nije BFTK trije saken spesjale oandacht te jaan: 1. Meitsje de BFTK sichtber, iepen & eigen; 2. Soargje dat de BFTK as in ambysjemotor fungearret; 3. Jou spesjale oandacht oan de marketing fan de BFTK.

De nije BFTK boarget de ynfrastruktuer fan it Frysk foar nochris fiif jier, wreidet dy út en jout oan de ûnderdielen derfan ekstra en nije mooglikheden om de ambysje mei it Frysk te fergrutsjen. Boppedat wurdt al folle sterker as yn it ferline de ambysje mei it Frysk by de BFTK-partners sels útdroegen. Op dy wize kin men perfoarst sizze dat de BFTK as in 'ambysjemotor' fungearret.

Likegoed: wa't net ta dy ynfrastruktuer heart – en dat is de oergrutte mearderheid fan de Friezen – sil him noch net daliks oansprutsen fiele troch de BFTK; fierwei de measte Friezen sille der sels nea fan heard ha. Men heart faak dat de ambysje mei it Frysk foaral begjinne moat mei de Friezen sels, en dêr is wol wat foar te sizzen. Mar we witte ek dat oerheidsbelied wichtich is om de boarger ta in beskate modus te ynspirearjen om mei te dwaan. Dat docht in BFTK yn dizze foarm net, is DINGtiid fan betinken. Men moat ommers wol in tige spesjale ynteresse yn de eigen taal ha, wol men him- of harsels ferdjipje yn sa'n lang en dreech dokumint. De BFTK is neffens ús noch net sa 'sichtber, iepen & eigen' wurden as dat kinne soe. De tekst nûget net hiel bot út om te besjen wat men der as boarger sels mei kin. En der binne foar yndividuele boargers, mar ek foar sportklups, muzykferienings, tsjerken, ensfh. eins wat te min oanknopingspunten om sels mei it Frysk oan de gong te gean

(sjoch ek ús oanrikkemandaasjes by Haadstik 6). Dat soks fansels wol mei, is dúdlik, mar de BFTK soe mear bepalings befetsje kinne dy't de mienskip dêr ek werklik ta ynspirearje of fasilitearje.

Foar taalbelied dat ek de mienskip meinimt en aktivearret, is it dus (need)saak om de BFTK by de mienskip bekender en tapasber te meitsjen. Dat sit him net allinne yn publisiteit en marketing mar ek yn boargertpartisipaasje (sjoch opnij ús advizen by haadstik 6). Lit better sjen dat Ryk en Provinsje mei-inoar de winsk ha, of sels: de needsaak fiele om it bredere publyk te belûken by taalbelied. Dat is krúsjaal foar it sukses fan en it draachflak ûnder dat taalbelied; fan datoangeande soe dy winsk sels ûnderdiel wêze kinne fan de inisjele útgongspunten fan dizze BFTK.

Wat rekket oan dit punt is ek ús eardere oanbefelling oer it sprekken mei ien mûle: striel yn kommunikaasje-uterings ienheid út as BFTK-partners; suggerearje net dat ien fan beide hjir wichtiger yn is as de oar. In krúsjaal punt, tinke wy, fan it sukses fan kommunisearjen oer taalbelied is dat beide oerheden in breed draachflak en in diel ferantwurdlikheidsgefoel útstriele. Boppedat, om no al mei-inoar yn de BFTK prikken yn it wurk te stellen om de boarger by taalbelied te belûken, sil it ek makliker meitsje om anst mei dyselde boarger yn petear te gean oer de langetermynaginda foar it Frysk: Hoe sjogge de Friezen de takomst fan harren taal?

Dat, set sterker yn op de marketing fan taalbelied en fan de BFTK; meitsje de needsaak fan boargertpartisipaasje by taalbelied ûnderdiel fan de algemiene útgongspunten yn haadstik 1. Soargje dat yn de marketing beide BFTK-partners like sichtber binne, om sa breed draachflak en in diel ferantwurdlikheidsgefoel út te strielen.

Advysline Asega's

As taheakke oan dit advys fine jo in brief fan it jongereinpanel fan DINGtiid – de 'Asega's' – dy't harren tinzen befettet oangeande de fraach dy't wy har earder steld ha: "Hoe kinne de ambysjes en kânsen fan de BFTK ûnder it jongere part fan de Fryske mienskip bekend makke wurde?" Wy riede jo oan om dy ynput mei te nimmen yn de oerwagings. Harren wichtichste punten fetsje we hjir al gear, ek om't we dy tige ûnderskriuwe:

- 1) Ferspried in ultrakoarte, leechdrompelig formulearre gearfetting fan de BFTK.
- 2) Striel út dat it Frysk in suksesferhaal is en dat jonge Friezen diel fan dat sukses wêze kinne.
- 3) Meitsje foar publisiteit gebrûk fan in profesjoneel marketingburo.
- 4) Daagje Fryske jongerein út om sels mei te dwaan oan it Frysk.

Oanrikkemandaasjes III: Per haadstik

Nei dizze algemiene oanrikkemandaasjes, dy't op de BFTK as gehiel betrekking ha, folgje guon oanbefellings dy't de losse haadstikken oanbelangje. Fan en ta wurde ek korreksjes en oanfollings jûn, al hat dat fannede in fragmentarysk karakter.

I Algemien

We ferwize hjirfoar nei it boppesteande diel II fan ús Oanrikkemandaasjes, dêr't we al yngien binne op in protte kwestjes dy't reitsje oan saken dy't yn Haadstik I beskreaun binne.

2 Underwiis

Fokus, gearhing en trochgeande learline

It is dúdlik dat yn dit haadstik de grutste en measte ambysjes dellein binne, en dêr is DINGtiid wiis mei. Underwiis is kardinaal foar de fitaliteit, dat kin net genôch beklamme wurde. De stappen dy't op ûnderskate ûnderwiismêden set wurde, binne grut en Taalplan Frysk 2030 is in stevich beliedsfûnemint ûnder in soad bepalings.

Likegoed ha we wraksele mei dit haadstik. Om't it sa'n kompleks domein is, om't der sa'n soad partijen en tsjinsten by belutsen binne en om't der sa'n soad ferskillende prioriteiten en útgongspunten ûnder lizze – sawol algemiene as mear ûnderwiisspesifike – is it tige lestich om te hifkjen wat no eins de sintrale ambysje is, oft elk dêrfoar oeral no wol de goede dingen docht, oft neat lizzen bliuwt, en oft der wol genôch gearhing tusken alle maatregels en ambysjes is. We kinne it eins net goed oersjen. As wy biten en brokken út de ynljedende paragrafen fan it haadstik kombinearje, komt it folgjende byld op dat neffens ús de fyzje fan de BFTK-partners op Frysk ûnderwiis werjout:

“Onderwijs heeft als belangrijke taak om kinderen en jongeren taalvaardig te maken. (...) Het Fries is de moedertaal van veel leerlingen in Fryslân. (...) In Fryslân zijn niet alleen kennis en vaardigheden van de Nederlandse taal van belang, maar ook van de Friese taal (...) Kennis van de Friese taal en over de Friese geschiedenis, cultuur en identiteit behoort in Fryslân tot de basisvaardigheden. (...)”

De ambysje dy't dêrút fuortkomt, blykt dan (bygelyks) út dizze sin:


“Alle Friese kinderen en jongeren dienen de kans te krijgen om volwaardig tweetalig en geletterd te worden in het Fries (...)”

En dan binne dit guon wichtige útgangspunten om dy ambysje mei te realisearjen:

“Alle scholen in het Friese taalgebied dienen het Fries aan te bieden volgens de wettelijk vastgestelde kerndoelen (...). Taalplan Frysk 2030, met als uitgangspunt een volledig aanbod Fries volgens de kerndoelen op alle scholen in het Friese taalgebied in Fryslân, is voor de komende periode onverminderd het uitgangspunt. (...) Een actieve houding van alle betrokken partijen is hierbij noodzakelijk”

As men de sinnen sa byinoar siket, ûntstiet al in mear komprimearre byld fan wat de BFTK op it mêd fan ûnderwiis berikke wol, en dat stribjen ûnderskriuwt DINGtiid perfoarst. Mar de fyzje en de fokus binne te djip bewuolle yn beliedsproaza, en de gearhing bliuwt te ymplisyt. Dat makket it lestich foar ûnderwiisprofesjonals – sawol bestjoerders as dosinten of ûnderwiisbegelieders – om te begripen en te ûnderskriuwen wat it belang fan in beskate maatregel is. De kompleksiteit ûndergraaft it gefoel fan urginsje en dêrmei it draachflak.

Dat kin neffens DINGtiid oars. Troch folle kearneftiger de fyzje op Frysk ûnderwiis te formulearjen en dy út te dragen, wurde de rollen en ferantwurdlikheden folle helderder – sawol by de oerheden as yn it fjild. Dat soe kinne troch dy fyzje del te lizzen yn in aparte Underwiisnotysje Frysk, dy't sels it karakter krije kinne soe fan in struktuernotysje: wat binne ús ambysjes mei it ûnderwiis yn de Fryske taal, en hoe moatte we it Fryske ûnderwiis ynrychtsje om oan dy ambysjes mei de taal te foldwaan? Wy fine boppedat dat it begryp 'trochgeande learline' yn it Fryske ûnderwiisbelied noch folle sintraler stean moat as no it gefal is. Op in soad plakken yn de BFTK wurdt dat begryp wol opfierd en wurdt it belang derfan oantsjut, mar it soe om DINGtiid noch folle mear as it fûnemint ûnder langetermynbelied foar it Fryske ûnderwiis delset wurde moatte. De trochgeande learline is ommers kardinaal foar de takomstige fitaliteit fan it Frysk en fertsjinnet dêrom in prominint plak yn de oerkoepeljende prioriteiten en ambysjes fan it algemiene Haadstik 1 (bgl. yn 1.1.3, as it giet om ûnderwiis en ûndersyk) en, fannijs, yn de iepeningssinnen fan Haadstik 2. Dat helpt om it begryp te ynternalisearjen, by de oerheden en yn it fjild.



De trochgeande learline fan it Frysk: fan pjut oant promovendus

Figuer 3: De trochgeande learline Frysk foarsteld as in systeem fan rêden, dy't soms goed, soms minder opinoar oanslute.

Gearfetsjend oangeande de fokus en gearhing yn it ûnderwiisbelied en it belang fan de trochgeande learline dêrby, is ús oanbefelling oan Ryk en Provinsje: Beskôgje de ûnderwiisambysjes op alle nivo's yn gearhing mei-inoar, fanút it perspektyf fan de trochgeande learline en de dielde ferantwurdlikheid dêroer; wurkje de fyzje en ambysjes yn de kommende beliedsperiode út yn in aparte Underwiisnotysje Frysk, en kundigje dat foarnimmen al yn de BFTK oan.

Losse oanrikkemandaasjes oangeande ûnderwiis

2.1 Algemien

- By 2.13: Bring in ferwizing oan nei de [advysbrief](#) fan DINGtiid oer de Underwiisynspeksje (2021).
- Idem: Foegje nei de earste sin fan de twadde alinea yn: "De inspektie controleert de scholen op het naleven van de wettelijke verplichting tot het geven van onderwijs in het Fries en/of het voldoen aan de voorwaarden voor de verleende ontheffing Fries."

2.2 Foarskoalske faze

- By 2.2.1: Befêstige de yntrinsike wearde fan it meartalich grutbringen en de trochgeande learline, 'fan pjut oant promovendus'. Tink derom dat by bepalings oangeande foarskoalske edukaasje gjin twifel ûntstiet oer de tige skealike misfetting dat meartalich ûnderwiis min wêze soe foar de Nederlânske taalûntwikkeling; de wurden sa't de BFTK dy op plakken befettet (bgl. 2.2.3), wize al op dy misfetting.

- By 2.2.2: Wurd konkreter yn hoe't jo – rekken hâldend mei de skieding fan foech en ferantwurdlikheid op dit beliedsmêd – gemeenten stimulearje wolle om it oanpart twa- en meartalige opfanglokaasjes te fergrutsjen; meitsje dúdlik dat Ryk en Provinsje ek wat dat oangiet itselde gefoel fan prioriteit ha: 'sprek mei ien mûle'.
- By 2.2.3 en 2.2.7: Soargje dat yn takomstige wetjouwing oangeande de foarskoalske faze it plak fan it Frysk beneamd wurdt op in wize dy't rjocht docht oan lykweardigens fan it Frysk oan it Nederlânsk yn Fryslân, en oan de BFTK-ambysjes mei it Frysk; ferfang boppedat de lêste sin fan 2.2.3 troch "Voornemens tot wettelijke veranderingen die effect hebben op de praktijk van de tweetalige opvang, zullen voor consultatie worden voorgelegd aan de Provincie" en meitsje fan dy nije sin in aparte, ôfslutende alinea.
- By 2.2.4 en 2.2.8: Nim foar de kwaliteitsdoelen by (oansteande) pedagogysk meiwurkers lykweardigens fan Fryske en Nederlânske taalfeardigens as útgongspunt.

2.3 PÛ/FÛ

- Meitsje eksplisyt dat jo mei 'ûnderbou' yn it FÛ oeral en altiten minimaal de earste beide learjierren bedoele, lykas formulearre is yn artikel 2.15 fan de WVO (2020).
- Soargje dat op eltse FÛ-skoalle it Frysk as kar-eksamenfak yn de boppebou oanbean wurdt; stimulearje de ynstream dêryn troch yn petear te gean mei skoalbestjoeren oer de needsaak dêrfan.
- By 2.3.1: De tredde alinea befettet yn de earste sin in ynkorrekte werjefte fan de útkomsten fan de bedoelde rapportaazje.
- By 2.3.1: De fraze "Scholen die vmbo-onderwijs aanbieden kunnen bij het ministerie van OCW officieel toestemming aanvragen voor het opnemen van het leergebied Friese taal en cultuur binnen het profiel van de leerlingen" betsjut in net-winsklike administrative drimpel, dy't ek net konfoarm de BFTK-ambysjes is, en dêrom ferlege of sels oersljochte wurde moatte soe.

2.4 WEC

- 2.4.1 befettet de yntinsje om nei opleverjen fan de keardoelen Frysk foar PÛ/FÛ in ferfolchtrajekt te starten foar in kurrikulum Frysk foar skoallen ûnder de WEC. DINGtiid riedt oan om de doelen te konkretisearjen, bygelyks: dat it bedoelde ferfolchtrajekt fuortdaalk nei dy fêststelling ynset wurdt, en dat it bedoelde kurrikulum foar de ein fan dizze BFTK- perioade fêststeld wurdt.

2.5 MBÛ

- Bij 2.5.1: Yn de earste sin soe beklamme wurde moatte dat mbû-learlingen net allinne belang ha by omtinken foar it Frysk en it regionale taalklimaat, mar ek it rjocht ha om dêryn ûnderwiisd te wurden.
- Yn 2.5 past in ferwizing nei fuotnoat 1 (yn it konsept dat wy lêzen ha), om rjocht te dwaan oan it feit dat it mbû in relatyf grut oanpart learlingen mei in migrante-eftergrûn hat. Om in tekstfoarstel te dwaan: "MBO-studenten met een andere thuistaal dan Nederlands of Fries kunnen in deze tweetalige context de mogelijkheid krijgen hun eigen meertalige identiteit verder te ontwikkelen."
- By 2.5.5: DINGtiid is wiis mei de oankundiging dat in praktoraat ynsteld wurdt; dêrmei wurdt gefolch jûn oan de oanrikkemandaasje yn ús [advysbrief](#) fan desimber 2023. We merke lykwols tagelyk op dat op mear as ien plak yn de BFTK oan dit noch net besteande praktoraat al taken, ferantwurdlikheden en ûndersyksopdrachten takend wurde. Noch los fan it feit dat it praktoraat noch definityf ynsteld en bemanne wurde moat, wize wy derop dat de frijheid fan ûnderwiis wol dat it praktoraat de eigen ûndersyksagenda ynriochtsje kinne moat, en dat yn dizze BFTK op syn heechst de winsklikheid fan beskate ûndersiken ûnderstreke wurde kin.

2.6 Heger ûnderwiis

- By 2.6.1: DINGtiid ûnderskriuwt fan herten de fiif spearpunten dy't de BFTK hjir beneamt en dy't ûnder oaren oanstjoere op de yn-rjochting fan in universitêre bachelor Frysk en in hbû-minor Frysk foar oankommende sjoernalisten.
- Bij 2.6.5: Sjoch hjirûnder, by ús oanbefellings oangeande Haadstik 4 'Media'.
- By 2.6.6: De BFTK-tekst (oangeande universitêr ûnderwiis) dy't DINGtiid foarlein is, is op it momint fan skriuwen noch as foarriedich te beskôgjen. We kinne op dit stuit spitigernôch oars net as sizze dat we útsjogge nei de definitive BFTK-tekst ditoangeande en dêr noch advys op útbringe wolle sille. Wol kinne we op dit stuit al sizze dat neffens ús betinken it KNAW-rapport oer de takomst fan de frisistyk (desimber 2023) tige yngreven is en in helder perspektyf op de útdagings en belangen fan it fakgebiet jout. De oanrikkemandaasjes dy't de KNAW docht, soenen de basis foarmje moatte fan eltse ôfspraak (bgl. in konvenant oangeande de bachelor Frysk, en in Ried foar de Frisistyk) tusken universiteit(en) en oerheden oangeande

de boarging fan de frisistyk. (Guon fan dy oanrikkemandaasjes hat DINGtiid sels oars al yn 2020 dien; in ferwizing nei dat [advysrapport](#) yn 2.6.6 is op syn plak).

3 Bestjoerlike autoriteiten en rjocht

It goede foarbyld yn de rjochtseal

By 3.1: Gauris is de Ryksoerheid of de provinsjale oerheid in partij yn in juridysk skeel. Beide oerheden soenen yn saken dy't ôfhannele wurde by de rjochtbank Noard-Nederlân of it Gerjochtshôf Arnhem/Ljouwert it Frysk brûke moatte dêr't dat kin, om sa as oerheid sels it goede foarbyld te jaan. Benammen as in saak yn Ljouwert plakfynt, leit soks yn de reden (dat it sintrearjen fan it gebrûk fan it Frysk op de lokaasje Ljouwert überhaupt oan te rikkemendearjen is, is oars in stânpunt dat DINGtiid al faker útdroegen hat, bygelyks by de [DINGtiidlêzing](#) yn novimber 2023 en by it [BFTK-Rûnetafelpetear](#) fan de Twadde Keamer, oktober 2023).

Ek op in oare wize is in rol weilein foar oerheidspartijen by bestjoers-rjochtlike prosedueres. Fanút boargerefreonlikens kin de oerheidspartij yn it foar (de wetlike noarm is: minimaal 7 dagen) trochjaan dat de kâns oanmerklik is dat in belutsen boarger Frysk prate wol, sadat de rjochtbank of it gerjochtshôf dat fasilitearje kin. Fierder soe de Provinsje Fryslân fia de BFTK garandearje moatte dat der altiten Frysk brûkt wurde kin by beswier- en klachteprosedueres.

Nim dus as oerheidspartijen yn de BFTK de eigen ferantwurdlikheid op om it Frysk en de posysje fan de Frysktalige boarger te bestevigjen yn juridyske prosedueres, troch it gebrûk fan it Frysk te stimulearjen, benammen ek as de oerheidspartij sels in prosespartij is.

Tolkeynset troch Iepenbier Ministearje (IM)

Al in skoftlang binne der swierrichheden mei de ynset fan beëdige gerjochtstolken. Beëdige tolken meie harren eigen taryf sette en kinne dan ynhierd wurde troch in bemiddelingsburo. Mar as de ôfstân tusken it taryf en wat it bemiddelingsburo betelje wol te grut is – en dat is al in skoft suver altiten sa, hat DINGtiid fan beëdige tolken begrepen – dan rint de ynset speak. Dat is op it heden foaral it gefal yn it strafjocht. Sûnder hjir fierder op details yn te gean, binne sokke swierrichheden rûnút skealik foar de posysje fan it Frysk yn it rjocht, en dêrom ek foar de Frysktalige yn it rjocht. De BFTK befettet no noch gjin bepalings op dit mêd, mar it probleem is te grut – sawol praktysk as symboalysk – om deroan foarby

te gean. Om't de saaklike skelen allinne op it mêd fan it strafjocht lizze, dêr't it IM de tolkeynset yn betellet, kinne dêr yn de BFTK wol ôfspraken oer makke wurde: it IM falt ommers ûnder it Ryk. De BFTK soe in bepaling befetsje moatte dy't tsjinnet om saaklike skelen tusken Ryk/IM en it Fryske tolkegilde sa gau mooglik op te lossen, of alteast lytser te meitsjen oant it punt dat de Frysktalige rjochtsiker der gjin neidielige gefolgen fan hat.

Teheakke fan De Rechtspraak

By de teheakke by 3.1: Dit stik, ôfkomstich fan De Rechtspraak, befettet in flater. It is net sa dat allinne ynwenners fan Fryslân in eed, belofte of befêstiging yn it Frysk ôflizze meie. Artikel 10, lid 1 fan de Wet gebrûk Fryske taal foarskriuwt dat elk dat dwaan mei, dus ek Frysktaligen dy't oarsearne yn Nederlân wenje. De tekst fan de teheakke suggearret boppedat dat op it yntranet fan De Rechtspraak dy misfetting ek op oare plakken opdûkt. Neist dy korreksje is DINGtiid fan betinken dat it mear yn de geast fan de Wet gebrûk Fryske taal wêze soe om yn de earste alinea fan de teheakke net te sprekken oer 'de inwoners van de provincie Fryslân' mar mear generyk en ynklusyf: Frysktaligen yn Nederlân.

Eigen ferantwurdlikheid gemeenten

Yn 3.2 giet it in protte oer de Fryske gemeenten dy't ûnder de Wet gebrûk Fryske taal falle ('Taalwetgemeenten'). De BFTK kin lykwols nea beliedsbepalend wêze oangeande gemeenten, en soe ek dy suggestje net befetsje moatte. Gemeenten binne ommers gjin partij by de bestjoers-ôfspraak. Wol kinne Ryk en Provinsje beneame dat se belang hechtsje oan ambisjeus gemeentlik taalbelied en rânebetingsten skeppe wolle dy't dêrta nedich binne. Dan kin men bygelyks tinke oan it stypjen fan in netwurk fan meartaligenkoördinatoaren of it befoarderjen fan in goede taalmjitynfrastuktuer. Sokke stipe soe DINGtiid de BFTK-partners dan ek ta oproppe wolle. (De rol fan gemeenten komt ek yn 2.2 op it aljemint, oangeande de foarskoalske faze; dêr jildt út soarte itselde foar).

Frysk by Ryksútfieringsorganisaasjes

Yn 3.2 soe mear oandacht wêze kinne foar it plak fan it Frysk by de Ryksútfieringsorganisaasjes dy't yn Fryslân aktyf binne. De [casestudy](#) dy't DINGtiid yn 2019-2020 op dat mêd útfierd hat en de [advysbrief](#) hjirfoer fan febrewaris 2023 biede dêrta al in soad hantfetten. It fêststellen fan Frysk taalbelied by de Ryksútfieringsorganisaasjes is in wichtige earste stap. Hjir spilet oars fannijs mei, dat it ûntbrekken fan in langetermynambysje foar it Frysk it minder maklik makket om sok taalbelied te formulearjen

en te ymplemintearjen – wat it grutte ferlet fan sokke langetermyndoelen nochris ûnderstreket. Dat hoecht lykwols fansels net te betsjutten dat it Ryk op dat mêd net no al stappen sette kin yn dizze beliedsperioade.

4 Media

Talintûntwikkeling

Yn jannewaris 2024 hat DINGtiid, op fersyk fan de Minister fan BZK en de steatssekretaris fan OCW, in [advysbrief](#) útbrocht oangeande de posysje fan it Frysk yn de sjoernalistyk; de Twadde Keamer hie yn in moasje om sa'n advys troch DINGtiid frege. DINGtiid hat yn dy brief it stânpunt werhelle dat ek troch Omrop Fryslân utere is by it Rûnetafelpetear fan de Twadde Keamer oer de BFTK op 12 oktober 2023, nammentlik: hoe útdaagjend it is om yn in krappe arbeidsmerk foldwaande mediatalint te finen dat it Frysk op goed nivo behearsket. Goed ûnderwiis yn de Rykstaal Frysk is krúsjaal. It is in stânpunt dat ek al yn de fjirde paragraaf (oer Media) yn ús [BFTK-Tuskenrapportazje](#) fan 2021 nei foarren brocht is: “Tink mei it fjild nei oer duorsume en heechwaardige oplieding en talintûntwikkeling (...) fan sjoernalisten yn ferbân mei de Fryske taal en kultuer”. Dat stânpunt is yn ús advysbrief werhelle, tagelyk mei guon oare oanrikkemandaasjes om de Frysktalige sjoernalistyk te fersterkjen.

- Gean yn petear mei sjoernalistike nijsbedriuwen, ûnderwiis- en taalynstellingen oer hoe't der synergy berikt wurde kin om de kwaliteit fan it Frysk ûnder sjoernalisten en mediaprofesjonals te fersterkjen.
- Gean troch mei it ynstearjen yn projekten lykas 'Versterking lokale journalistiek door samenwerking' en jou dêrby spesifyk omtinken oan it behearskjen fan it Frysk en kennis fan in meartalige mienskip.
- Undersykje de mooglikheden om de kâsten 11.1.g en 11.1.e fan it Europeesk Hânfêst te ratifisearjen, lykas oanbefelle troch de Committee of Experts en de Advisory Committee fan de Ried fan Europa en lis dat fêst yn de nije BFTK 2024-2028.
- Nim de oanbefellings út de Tuskenevaluaasje BFTK 2019-2023 fan DINGtiid mei.

Wat de tredde oanrikkemandaasje oangiet: DINGtiid soe graach wolle dat de BFTK-partners dêr in stânpunt oer ynnimme, ek om't it krekt sokke stappen binne dy't soargje foar boarging en foar ekstra brânstof ûnder de ambysje: it Europeesk Hânfêst is ommers it ultieme beliedsfûnemint foar it Frysk, ek ûnder de BFTK.

Minor Frysk foar sjoernalisten

Yn ús advysbrief folgen op de niisneamde oanrikkemandaasjes noch guon dy't spesifyk yngean op de minor Fryske taal en kultuer foar (oankommende) sjoernalisten:

- Stel middels beskikber.
- Meitsje sa'n minor ek tagonklik foar oare doelgroepen (binnen en bûten it ûnderwiis).
- Help om dy oplieding fierder út te bouwen sadat ek oare sektoaren der gebrûk fan meitsje kinne.
- Undersykje hoe't de minor ek foar universitêr publyk tagonklik makke wurde kin.

Yn de ûnderwiisparagrafen 2.6.1. en 2.6.5 wurdt de minor as spearpunt fan heger ûnderwiis delset. Dêr binne we wiis mei, mar we sinjlearje dat de finansiering op it stuit fan skriuwen fan ús advys noch ûnwis is, dat de tagonklikheid foar universitêre studinten net beneamd wurdt (of it moat wêze dat de term 'heger ûnderwiis' bedoeld is as: hbû en universiteit) en dat it útbouwen ta de baat fan oare beropssektoaren noch ûnbesprutsen bliuwt. Benammen de ûnwissens oer de finansiering moat foar de doer fan dizze BFTK-perioade fuortnaam wurde, sadat de startperioade fan dizze wichtige minor dêr net fan te lijen hat.

5 Kultuer

It taalkulturele bouwurk

Foarôf: DINGtiid is it advysorgaan foar de Fryske taal, wat betsjut dat we oangeande Haadstik 5, dat oer 'kulturele aktiviteiten en foarsjennings' giet, in taalkultureel perspektyf ynnimme. Dat sein hawwend is dúdlik dat in grut part fan de Fryske taalkulturele ynfrastuktuer berêst op guon kearnorganisaasjes. Afûk, Fryske Academy, Omrop Fryslân, Tresoar, Tryater binne bekende foarbylden, mar der binne fansels mear. Sokken ha in bysûndere betsjutting foar de fitaliteit fan it Frysk. It is dêrom wichtich

dat Ryk en Provinsje, fanút harren stelsel­ferantwurdlikheid, allebeide streek­rjochte ferantwurdlikheid foar it fuortbestean fan dy organisaasjes nimme. Dy ferantwurdlikheid soe fanút it Ryk dus neffens ús net ferlein wurde moatte nei de Provinsje, mar ta in streek­rjochte relaasje mei de oangeande organisaasje liede moatte, parallel oan dy fan de Provinsje. Sokke streek­rjochte relaasjes kinne no al lein wurde, foarsafier't se noch net bestean.

Tagelyk tinke wy lykwols ek dat it nuttich wêze soe om mear en djipper ynsjoch yn it bredere taalkulturele bouwurk te krijen: wa binne eins de spilers, wat binne harren ferantwurdlikheden en rollen, en wat is de gearhing? Binne der oerstiigjende dossiers dy't troch in tekoart oan útwikseling mooglik lizzen bliuwe (wy tinke dan bygelyks oan argivearring of digitalisearring)? Binne der partners bûten Fryslân, en wat is harren posysje of ferantwurdlikheid? De BFTK soe fol ynsette moatte op fer­bining yn it taalkulturele fjild, want in tekoart oan gearhing liedt sûnder mis ta yneffisjinsje en net-winslike konkurrinsje.

Der binne oerienkomsten mei de kennis­sektor fan it Frysk, dêr't DINGtiid yn 2020 oer advisearre hat. Dêr wie ek sprake fan in ferlet fan stelsel­ferantwurdlikheid en langetermynfyzje, wat yn it fjild late ta in temin oan gearhing en dielde fokus. Aldergeloks is, mei nei oanlieding fan ús advizen, yn de kennis­sektor de ôfrûne jierren in soad op gong kaam en ferbettere – dêr jout de nije BFTK op in soad plakken ek blyk fan.

Boutekening 'Hûs fan it Frysk'

DINGtiid soe eins noch wol in trede fierder gean wolle as it beskôgjen fan it taalkulturele fjild: Wy riede de BFTK-partners oan om yn de kommende belieds­perioade de ynrjochting fan it hiele 'Hûs fan it Frysk' yn kaart bringe te litten, dat ommers ek mear ferdjippings hat as allinne kennis of kultuer. Tink ek oan media, rjocht of oerheden. Parallel mei it stellen fan langetermyn­doelen foar it Frysk – in proses dat yn de kommende belieds­perioade opstart wurde sil – kin sa'n blaudruk fan de notiidske situaasje helpe om in fernijde boutekening te meitsjen fan hoe't dat Hûs fan it Frysk der idealiter útsjen soe. Boppedat komt yn sa'n proses ek oan de oerflakte oft der keamers misse. Wêr yn it Hûs, bygelyks, sitte mienskip­organisaasjes lykas kultuer­fûnsen, wurk­ferbannen, 'Freonen fan ...', ensfh.? En miskien noch wol it alder­belangrykste: wa wennet der eins yn dat hûs?

We merke noch op dat gjin advisearring mooglik is oer 5.6, ‘Wittenskiptsbeoefening’, om’t de konseptteksten dy’t op it stuit fan skriuwen fan dit advys foarlizze te foarriedich binne om in stânpunt yn nimme te kinnen. We wize derop dat sawol it DINGtiidadvys oer de kennisynfrastruktuer (2020) as it KNAW-rapport fan 2023 genôch boustiennen befetsje om it trajekt fan boarging fan wittenskiptsbeoefening ynsette te kinnen. En we werhelje ús stânpunt dat ek de wittenskiptsbeoefening baat hat by heldere en breeddroegen langetermynambysjes mei it Frysk.

6 Ekonomysk en sosjaal libben

Boargerpartisipaasje

De wisk libbet dat de oerheid in bettere binning mei de boarger krijt, minder ‘op ôfstân’. Taal is dêr in wichtich stik ark by – sa net it wichtichste. Troch de taal fan de boarger sichtber te meitsjen en it gebrûk derfan te stimulearjen, wurdt de ôfstân lytser: de boarger fielt him sa mear sjoen. It is dan ek hiel goed dat it Sichtberensakkoart der yntusken is, en dat de BFTK dat ek opnimt as ien fan de wichtige boustiennen; it akkoart is in fûnemint dêr’t op fuortboud wurde kin foar de sichtberens fan it Frysk yn it iepenbiere domein.

Yn oanfolling soe ek in grutte stap set wurde kinne troch yn de domeinen fan it ekonomysk en sosjaal libben it gebrûk fan it Frysk noch sterker te befoarderjen as dat de BFTK op dit stuit noch docht. Yn dat domein is de boarger ommers it meast te finen. De grietwinkel, de dokter, de jachthaven, de camping, de tsjerke, it kafee, it âldereintehûs, de muzykferiening, de sportklup, de opfang, de bank... Op al dy plakken soe it gebrûk fan it Frysk de gewoanste saak fan de wrâld wêze moatte. De BFTK lit ek wier sjen dat dy ambysje bestiet, mar ek is dúdlik dat der gjin skerp omlinde idee is oer de oanpak. Der wurdt gauris ferwiisd nei it saakkundige wurk fan de Afûk (wat it belang fan de Afûk foar de Rykstaal noch mar ris ûnderstreket, en dêrmei ek ús niisneamde oanrikkemandaasje oer hoe wichtich oft it is dat sokke kearnynstituten foar it Frysk troch beide BFTK-partners streekrjocht stipe wurde). Wy kinne lykwols gjin bredere strategy fan de BFTK-partners sels ûntdekke ûnder de bepalings fan dit haadstik. Dat is spitich, want krekt yn dizze domeinen leit de bêste kâns om – fia boargerpartisipaasje –

taalbewustwêzen, taalgrutskens en mienskipssin te fersterkjen. De muoite dy't út dit haadstik sprekt om grip te krijen op it Frysk yn it ekonomyske en sosjale domein, is oars goed te begripen, om't in soad him ôfspilet by organisaasjes of op plakken dêr't Ryk en Provinsje gjin streekrjocht foech ha. En ek hjir is wer it gebrek oan langetermynambysjes lestich: wat is it gruttere doel dêr't men ûndernimmers en organisaasjes yn meikrije wol? Wat is it boadskip dat útsutele wurde sil? Hjirboppe, by diel II fan de oanrikkemandaasjes ('Foarm en publisiteit') binne we al op marketing yngien, yn oansluting op wat we al sein ha yn ús Tuskenrapportaazje fan de foarrige BFTK en wat it taheakke advys fan ús Asega's op dit mêd seit. We beklamje hjir opnij hoe wichtich oft sa'n publisiteitskampanje is, foar de bekendheid mar perfoarst ek om de boarger werklik te belûken by it taalbelied en ynput dêrfoar ophelje te kinnen. Paragraaf 6.3, bepaling 2 ('Publisiteitskampanje BFTK') befettet in oanset fan it tinken oer publisiteit, mar we fine dat it elemint fan marketing fan taalbelied noch folle prominenter kin en moat. It feit dat dy bepaling sa lyts en meager is, tsjut der wat ús oangiet op dat it belang fan dit punt noch net sterk genôch field wurdt. De boarger meinimme en sa de boargerpartisipaasje fergrutsje is de kearn fan suksesfol belied, ek foar de langere termyn. Neist it advys fan in sterkere strategy op it mêd fan de marketing fan taalbelied, rikkemandearje we ek oan om hiel skerp te sjen nei de situaasjes dêr't Ryk en Provinsje wól echt ynfloed ha kinne op it plak fan it Frysk yn it sosjaal en ekonomysk libben. Tink oan útbestegings-/ offertetrajekten – 'wie betaalt, bepaalt' – en ek oan skriftlike en mûnlige kommunikaasje mei private partners – 'goed foarbyld docht goed folgjen'.

7 Grinskrusende útwikseling

Friezen bûten Fryslân

DINGtiid fynt it fan belang dat Ryk en Provinsje yn de iepeningsalinea fan Haadstik 7 sterker it besef fernimme litte dat it histoaryske Fryske kultuergebiet oer sawol provinsje- as lânsgrinzen hinne rint. Dat is yn de notiidske konsepten fan de BFTK nei ús betinken noch te ymplisyt. Wat de ynliedende tekst fan dit haadstik no yn essinsje seit, is dat de Friezen yn Fryslân betsjinne wurde troch harren taal en kultuer ynternasjonaal foar it fuotljocht te bringen. Dêrnei giet it haadstik benammen oer de ôfspraken oangeande organisaasjes dy't, mei dêrta, ynternasjonale Europeeske kontakten ûnderhâlde, mei dan yn 7.1.5 noch oandacht foar de Fryske

'buorlannen' (We wize der hjir op dat de Landtag Schleswig-Holstein op de [website](#) dy't se foar de Noardfryske mienskip oanmakke ha, in ferwizing oanlein ha nei de 'Westfriesen', sa't se ús neame. Soks soe ta foarbyld tsjinje kinne).

It is perfoarst goed dat dy ôfspraken oer organisaasjes fêstlein wurde. Mar we sinjalearre wol dat de 'gewoane Fries' mei it haadstik yn dizze foarm noch te min betsjinne wurdt. Ek dit haadstik is lykwols wer in kâns om it taalbewustwêzen, de taalgrutskens en de mienskipssin fan Friezen mei te bestevigjen troch de djippte en wiidte fan it Fryske kultuergebiet ta in útgongspunt foar ambysjes op it mêd fan ynternasjonale kontakten te nimmen. Stel Friezen better by steat om dy djippte te belibjen en deroer te learen, en dy oan oaren út te lizzen en sjen te litten.

De BFTK jout him boppedat no noch fierstente min rekkenskip – mei útsûndering faaks fan bepalings dy't mei it rjocht of mei útstjoerings fan Omrop Fryslân te krijen ha – fan it feit dat ek net-Frysktalich Nederlân in wichtich wengebiet fan Friezen is: tsientûzenen sprekkers fan de Rykstaal Frysk wenje ommers bûten de provinsje Fryslân. It soe goed wêze as de term 'grinskrusend' spesifisearre wurdt as net allinne fan tapassing wêzend op ynternasjonale mar ek op provinsjegrinzen. Boppedat soe it goed wêze as Ryk en Provinsje har der yn de BFTK oan kommittearre dat yn de kommende beliedsperioade wet- en regeljouwing op dit stik neier besjoen wurdt, sadat ek Friezen om utens yn Nederlân better by steat steld wurde om har taalbewustwêzen en taalgrutskens ûnderhâlde of te fergrutsje te kinnen.

It is, koarter sein, yn de geast fan it Ramtferdrach oangeande beskerming fan nasjonale minderheden, en ek yn de geast fan de kultuerhistoaryske bespegelings yn it ynlidende Haadstik 1, om hjir promininter as no te beneamen:

- Dat Fryslân diel is fan in iuwenâld, ynterregionaal Frysk kultuergebiet, dat sawol provinsje- as lânsgrinzen krúst.
- Dat der noch altiten besibbe Fryske taalmienskippers yn Dútslân binne.
- Dat der in tige grutte mienskip fan Friezen yn net-Frysk Nederlân is, dy't ek it rjocht hat syn taalkennis en taalbewustwêzen fergrutsje te kinnen.

Fersterking selsbewustwêzen

Troch prinsipiële útspraken oer sokke saken yn de ynliding fan dit haadstik te dwaan, lizze Ryk en Provinsje in sterker ideologysk fûnemint ûnder dit haadstik, dat yn essinsje ommers de Friezen – binnen en bûten Fryslân – selsbewuster meitsje wol. Dat soe liede kinne ta oanfoljende ôfspraken om it selsbewustwêzen fan Friezen oer harren eigen taal en kultuer te fergrutsjen troch harren by steat te stellen mear leare en belibje te kinnen fan besibbe Fryske mienskippen. De BFTK soe mear iepen stean kinne foar tagonklike, leechdrompelige, ynter-Fryske útwikseling- en edukaasjeprojekten foar partikuliere organisaasjes lykas ferienings, tsjerken, bedriuwen, ensafh. Wat dat oangiet is DINGtiid fan betinken dat der parallellen lizze mei hoe't de Haadstikken 6 en 7, dy't fanâlds, sa hat DINGtiid de yndruk, yn it fjild dochs as krekt wat minder prominint field wurde, noch folle mear tsjinje kinne om boargerpartisipaasje te bewurkmasterjen en sa it selsbewustwêzen en de taalgrutskens fan de Friezen te ferdjipjen.

8 Slotbepalings

Advizen oangeande dit haadstik binne hjirboppe al oanbean, yn diel I: Proses (par. 'Posysje en rol DINGtiid') en II: Haadlinen (par. 'Konkretisearring en monitoring').

Taheakke

BFTK-advys jongereinpanel Asega's

Maart 2024

Fan en ta freget DINGtiid ús – it [jongereinpanel](#) fan Asega's, ynsteld yn 2023 en besteande út tolve jonge Friezen – om ynput te jaan op syn advyswurk.

Yn it ramt fan de advisearring oer de BFTK hat it bestjoer ús de folgjende fraach steld: "Hoe kinne de ambysjes en kânsen fan de BFTK ûnder it jongere part fan de Fryske mienskip bekend makke wurde?" As Asega's jouwe wy op dy fraach de folgjende advizen:

1. Ferspried in ultrakoarte en leechdrompelige gearfetting fan de BFTK en in hantlieding

Wy misse in gearfetting fan de BFTK mei dêryn helder formulearre wat it sintrale boadskip is en wêrom't Ryk en Provinsje it Frysk wichtich fine. Dêrom: hoe moat dit dokumint lêzen wurde? De BFTK is no yn frij amtlike taal formulearre. It soe goed wêze om foar jongerein – mar likegoed foar in soad oare Friezen – de BFTK begryplik gear te fetsjen. Yn tekst en/of yn oare foarmen, bygelyks filmkes of útlisanimaasjes.

Wêrom soenen (jonge) Friezen fan it bestean fan de BFTK witte moatte? Meitsje dêrom dúdlik wat de BFTK betsjut foar hâren rjochten mei en kânsen foar it Frysk. Meitsje in hantlieding mei rûtebeskriuwing fan de BFTK oan de hân fan de fraach: "Wat betsjut de BFTK foar dy?" Bygelyks: asto op it mbû sitst, wat kinsto dan as mbû-student mei it Frysk? Troch de BFTK direkter oan ferskillende doelgroepen te adressearjen, kin elts derút helje wat foar him/har nijsgjirrich is.

2. Striel it sukses fan de Fryske taal út. En beklamje dat Friezen diel fan dat sukses wêze kinne

De Fryske taal en kultuer binne folle oantrekliker en begrypliker as it saaklike BFTK-dokumint. Striel dêrom it belang en it sukses fan de Fryske taal út en ferspriedt oan Friezen it boadskip dat sy ynfloed en ynspraak hawwe op de takomst fan harren taal en kultuer. It giet goed mei it Frysk (ek al kin it altyd better) en jongeren wolle graach ûnderdiel wêze fan dat suksesferhaal. Stek dêrop yn en nûgje harren út om dêr oan by te dragen.

Net allinnich op in jolige wize, mar ek op in serieuze toan. It Frysk is ommers net (allinnich mar) grappich.

3. Meitsje gebrûk fan in profesjoneel marketingburo foar in kampanje oangeande it Frysk

Om sa'n kampanje om de BFTK hinne goed del te setten is it belangryk om de juste *tone of voice* te brûken. Meitsje dêrom gebrûk fan in profesjoneel marketingburo, dat wit hoe't sy it ferhaal fan it Frysk bringe moat. Meitsje it Frysk sichtber op skoallen, sportferienings en oare plakken dêr't de taal libbet of just mear bekendheid krije kin. Meitsje foaral gebrûk fan de gewoane 'bekende' Friezen, bygelyks: de oansprekkende master en syn klasse of de entûsjaste sportcoach mei har team.

4. Daagje Fryske jongerein út om sels utering te jaan oan it Frysk en stel in jildpot beskikber

Stjoer net allinnich in boadskip oan jongeren, mar lit it foaral ek in útnûging en útdaging foar harren wêze om sels mei de Fryske taal oan de slach te gean. Wat betsjut de Fryske taal foar harren? Hiel faak witte jonge Friezen net iens fan elkoar dat se de Fryske taal prate. Daagje har út om sels content te meitsjen en sa de leafde foar en wearde fan de Fryske taal ek wer yn harren eigen netwurk út te setten. Set dêr ek jild of in moaie beleaning tsjinoer, want dat wurket goed as earste oanset ta meidwaan. Boartsje mei it Frysk.

As jonge Friezen hawwe wy noch folle mear ideeën oer de takomst fan de Fryske taal en kultuer. Mochten jimme no of yn de takomst ferlet hawwe fan in ynspirearjend petear, dan binne wy as Asega's altyd ree om mei Ryk en Provinsje Fryslân fan gedachten te wikseljen. Jimme kinne ús benaderje fia it sekretariaat fan DINGtiid: ynfo@dingtiid.frl.

www.dingtiid.frl

ynfo@dingtiid.frl

© DINGtiid